



âld Barradiel

Jaargang 10 | januari 2012

ISSN: 2211-3339

FAN EIGEN HIEM

Wij gaan het tiende jaar in met de uitgave van Ald Barradiel. Dat is een mijlpaal in de geschiedenis van onze vereniging. Hoeveel woorden en zijn getikt in de afgelopen jaren; dat laten we maar in het midden. Het zijn in ieder geval vele artikelen geweest die de revue zijn gepasseerd. Ook in 2012 gaan we door met het publiceren hiervan.

In het oktobernummer van Ald Barradiel stond een oproep van Aly van der Mark die onderzoek doet naar de tuinen van tuinarchitect Gerrit Vlaskamp. Op 18 december jl. reageerde Jaco Kalfsbeek uit Wijnaldum via email n.a.v. dezelfde oproep in de dorpskrant van Wijnaldum. Dat bericht hebben we doorgestuurd naar Aly. Aly heeft een artikel hierover geschreven dat u verderop in deze nieuwsbrief kunt lezen.

BESTUURLIJK

Wer in nij jier! Wat sil dit jier ús bringe, hooplik yn els gefal súnens.

De earste wike al de iene nei de oare stoarm mei in soad reinwetter en dan heech wetter bûten- en binnendyks. Der binne plannen om in grut gemaal te bouwen yn de noardeasthoek fan Fryslân, mar yn de politiek leit dat noch gefoelich en de mieningen binne ek wat ferdieft. As is gemaal der no stien hie, mei de helte fan de kapasiteit dy't men yn 'e holle hat, dan hie dizze wike net sa'n oerlêst fan it wetter west as no. Mar hawar, moat it gemaal der komme as net, it sil noch wol efkes tiid nimme foar dat it der komt.

2012 is in skrikkeljier en dan komt de fraach by jo op; wêr sil dy ekstra dei foar brûkt wurde?

Op 16 juny 2012 wurdt de Slachtemarathon wer rûn. Dizze kear is leit de einstreep fan de marathon yn de âlde gemeente Barradiel oan de sédyk. De bikkels kinne dan noch de

42 treden opklouwterje om boppe op de sédyk de see te sjen. As jo dêr dan stean, kinne jo ek werom sjen wer't jo wei kommen binne. It âlde lân wat froeger Barradiel wie.

Wy hoopje op in goed jier werby ús leden harren belútsen fiele.

Freed 2 maart sil ús siktaris Gerrit Bouma in ferhaal hâlde oer de Bescherming Bevolking (BB). It wurdt in jûn mei prachtige foto's, âlde dokuminten en filmfragmenten dy't allegearre te sjen binne op it grute projektsje skerm. De seal yn Seisbierum is al ôfhiert.

Klaas Evert Andringa (foarsitter)



LEDENNIEUWS

Nieuwe leden

- Jelte van de Zee, Hoarnestreek 35, 8851 RN Tzummarum
- Marten Andringa, De Finne 13b, 9047 KS Minnertsga

Adreswijziging

- Dries Bosma, Schatzenbergweg 23, 8743 KX Hichtum
- Siem van der Woude, Schans 141, 8932 ND Leeuwarden

GERRIT VLASKAMP, IN FERGETTEN TÚNARSJITEKT

Gerrit Vlaskamp wie in túnarsjitekt, dy't wurke hat yn de twadde helte fan de 19de ieu, yn Wynaam hat hy yn 1873 in tún oanlein foar P.Koopmans Pz.

Sûnt koart is bekend dat Koopmans wenne yn it Slotsje, no it hûs fan Jaco Kalfsbeek.

Kalfsbeek seach de oprop yn 'It Fuottenein' om ynformaasje en de gevelstien yn syn hûs joech de namme en it jiertal en sa wie ek dizze tún te plak.

It is ien fan de 350 tunen, dy't Vlaskamp oanlein hat yn it Noarden fan Nederlân, san 320 yn Fryslân en 30 yn Grinslân.

De heit fan Gerrit, Lambertus, wie de rjochterhân fan Lucas Roodbaard. Dizze Lambertus wie de oer- oerpake fan myn man. Wy wisten net folle fan de famylje, mar troch tafal binne wy de lêste jierren hieltyd mear te witten kommen en it blykt in ynteressant ferhaal te wêzen.

De Vlaskampen komme út de Achterhoek, fan in pleats by Varsseveld.

Twa fan de soannen, Lambertus en Arent binne om 1770 hinne nei it Westlân gien om dêr as túnman te wurkjen op de grutte bûtens, fan Rijswijk binne se nei state Tjessens by Holwert tein.

Arent wie in ambisjeus man, hy hat mar twa jier op Tjessens wurke, yn 1779 gie hy nei Kingmastate yn Sweins en trije jier letter waar hy beneamd ta hortulanus fan de Universiteit fan Frjentsjer. Dat is hy bleaun oant de universteit yn 1811 ûnder it bewâld fan Napoleon opheven is.

Lambertus is yn it Noarden fan Fryslân bleaun, hy hat ek noch op Harstastate wurke en is doe in eigen kwekerij begûn, ek syn soan Gerrit wie hofker en dy syn soan Lambertus wie myn man syn oer-oerpake.

Dec: 12.	1 Kanneelpeer.	7	10.
	re. Betaald.		
	D. Koopmand. Px: te Wijnaldium. door Vlaskamp.		
Nov: 10.	3 Appeld. a 50ct. 2 Peeren. a 10ct. 6 Per: Peeren. a 10ct	8	30.
	1 Stam Plataan f. i. 60. 3 Zwarte Hardtmj. a 30ct	9	10.
	1 " Bonte Leloom. 1 Stam Schotze ijzer f. i. 10.	2	30.
	1 roode. 1 witte Pijnd. 1 Rob. hiespida. a 10ct	1	80.
	1 Weigelia 20ct. 1 fr. Sering. 1 Sneebal. a 50ct	1	50.

Utsnijing fan it kasboek.

Hy lei de tunen oan, dy't Roodbaard tekene, oan it ein fan Roodbaards libben naam hy ek it ûntwerpen oer, mar mei him is it ferkeard ôfrûn, hy is belâne yn Feanhúzen, dêr't hy yn 1854 stoarn is oan de goalera. Syn soan Gerrit wie doe 20 jier en hy is fuort oan de slach gien om syn mem en de oare 7 bern troch de tiid te helpen. Ut de administraasje fan beamkwekerij Bosgra yn Burgum witte wy, dat hy al gau de tûnûntwerper fan Fryslân en Grinslân wie. Hy hat wurke foar de fine fleur fan de mienskip: de notabelen, de adel en de rike boeren. Koopmans moat in man fan oansjen west ha, at ien my fertelle kin hokker man at it wie, hear ik dat graach.

Yn 2014 komt yn it nije Frysk Museum in eksposysje oer Gerrit Vlaskamp en syn tiid.

Aly van der Mark

OUDE SCHOOLFOTO SEXBIERUM

Via de e-mail en de post hebben van de heer Hemmo Antema uit Norg een tweetal schoolfoto's ontvangen. Het betreft een schoolfoto uit 1924 van de openbare lagere school in Sexbierum en één van de openbare lagere school uit Herbayum uit 1938. Een andere schoolfoto uit Peins heeft de heer Antema rechtstreeks gestuurd naar ons lid de heer Gerlofsma uit Peins die zich met de dorpsgeschiedenis van Peins bezig houdt.

De foto's zijn afkomstig van de tweede echtgenote van de heer Antema zijn vader, die inmiddels 95 jaar is. Deze mevrouw was vriendin van Metje van de Weg in 1938 stage liep op de school in Herbayum (op de foto 2^{de} van links). Zij heeft de foto's ontvangen uit de nalatenschap van haar vriendin Metje van de Weg.

Beide foto's staan hierbij afgedrukt. Het is de vraag natuurlijk, wie herkend nog de andere personen op de foto en vooral, de namen van de personen op de schoolfoto van Sexbierum.

Het zal lastig worden. Maar mocht u aanvullende informatie hebben, dan horen wij dat graag van u.

Colofon

Ledenadministratie : Gerrit Bouma (secretaris)
 Correspondentieadres : Reiddomp 17, 9101 HJ DOKKUM
 Telefoon : 0519-241409
 Email : barradeel@oudbarradeel.nl
 Website : www.oudbarradeel.nl
 Bankrekening RABO : 32.55.38.271
 Kamer van Koophandel : 4000368



Openbare lagere school Herbayum 1938



Openbare lagere school Sexbierum 1924